

Wolkom by Tsjil Tsjekt!

Wat moai dat jim meidwaan sille!

Tsjil Tsjekt is in ynteraktyf programma. Yn it programma stelt presintator Raynaud Ritsma fragen oan de klasse, en jim jouwe antwurd yn de digitale omjouwing fan Tsjil Tsjekt. Mei de antwurden kinne jim punten skoare.

Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'



Praktyske saken foar elke Tsjil Tsjekt

Dizze Tsjil Tsjekt giet oer 'Dyn pleats'.

It programma is te finen op www.tsjiltsjekt.nl en bestiet út twa dielen dy 't jim sels ynplanne kinne.

Dit hawwe jim nedich foar de fragen en opdrachten oer 'Dyn pleats' yn dizze Tsjil Tsjekt:

- De ynlochkoade foar de Tsjil Tsjekt-omjouwing: yn dy omjouwing sjogge jim nei it programma en kinne jim de antwurden ynfierje. Noch gjin ynlochkoade? Freegje dy oan fia de oanmeldknop op de website www.tsjiltsjekt.nl.
- In apparaat mei in ynternetferbining (in tablet, laptop, chromebook ensfh.). Meardere apparaten om tagelyk wat op te sykjen kin soms handich wêze.
- It tydskrift Tsjil. Binne jim abonnee fan Tsjil? Yn Tsjil fan maaie stiet in tekst dy't jim nedich hawwe om it antwurd op ien fan de fragen te finen. Noch gjin abonnee? Brûk dan de pdf fan it tydskrift dy't te finen is op www.tsjiltsjekt.nl.
- Materialen om gau mei-inoar ta ien antwurd te kommen op in fraach: brûk bygelyks in 'wisbordje' om te stimmen oer de stelling of soargje dat alle learlingen in papierke hawwe om in antwurd op te skriuwen, sadat de antwurden sa gau mooglik sammele wurde kinne.

Om alfêst oer nei te tinken:

De Tsjallenge fan dizze Tsjil Tsjekt is:

Sammelje alle planten en blommen yn skoalle op ien plak en meitsje der in foto fan. Hoefolle grien is der yn jim skoalle te finen? Stjoer de foto nei tsjil@omropfryslân.nl en fertsjinje 300 pompies!

Sukses en in soad wille mei Tsjil Tsjekt!



Mear dwaan mei dit tema?

Wolle jim nei oanlieding fan dizze Tsjil Tsjekt mear dwaan mei it tema? (bijen, pleats, biodiversiteit, kij, grien, ôffal skiede)

Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen oer dit tema:

- Temateek: sjoch yn it tema ‘Wiis mei ús planeet’ foar teksten, filmkes, spultsjes, boeketips en mear losse materialen. Bygelyks oer bijen, de boer, ôffal en duorsumheid.
- Taalaktiviteiten:
Yn de taalaktiviteit ‘Kribelbisten’ leare oer ynsekten en oare kribelbisten yn ‘e tún en spylje it spultsje ‘biste-wa-bin-ik’.
Yn de taalaktiviteit ‘Sleatsafari’ (yn gearwurking mei IVN) geane learlingen op ûndersyk út nei bisten en planten yn en om de sleat.
- Boeklessen
Yn de Boekles ‘Dingeman krijt wjukken’ giet it oer it boek fan Eppie Dam. Dingeman krijt in útnûging foar in fakânsje op in pleats. Hy sjocht syn eagen út. It wurdt in bysûndere fakânsje.
- Projekten:
Yn it projekt ‘Bisteboel’ (makke foar groep 5) leare de learlingen oer bisten op de pleats en hâlde sy in ynterview mei in boer oer syn bisten.
Yn it projekt ‘Ut watfoar hoeke waait de wyn’ (makke foar groep 8) giet it oer enerzjy en duorsumheid. De learlingen hâlde in debat oer wynenerzjy.
- Fryske boeken by it tema:
‘It bijeboek’ fan Charlotte Milner is in Frysk ynformaasjeboek oer bijen.
‘Nee hast, ja kinst krije’ fan Thys Wadman giet oer Tjerk dy’t per ûngelok yn ‘e kunde komt mei in man dy’t mei in flot de Atlantyske Oseaan oerstutsen is om oandacht te freegjen foar miljeufersmoarging. It ferhaal basearre op it wierbarde ferhaal fan de Sterke Yerke. It boek is der ek yn it Nederlânsk.

Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer lêzen en dy thúsfiele ek nijsgjirrige nijtsjes, spultsjes en in strip!

Noch gjin Spoar 8 en/of Tsjil by jim op skoalle? Freegje de metoade en it tydskrift hjir FERGEES oan:

<https://taalplan.frl/oanmelde/>

